



RÊSTHÛS YN ÛNRÊST

(Het onrustige rusthuis)

Blijspul yn fjouwer bedriuwen

fan

HENK ROEDE

Fryske bewurking fan

Roel Klijnstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **RÊSTHÛS YN ÛNRÊST - HET ONRUSTIGE RUSTHUIS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HENK ROEDE** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2020 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Alle - Bytsje deune, no en dan wat noartske man.

Riekus - Fleurige, net al te snoade man.

Direktrise - Bazige frou mei in hege eigendunk, rekket wol gau fan 't sintrum.

Thea - Ferlegen, hurdwurkjende frou, wat ûnwis.

Miep - Komt hiel ôfhinklik oer, mar as nimmen it sjocht, mankearret har neat en kin se har skoan rêdde.

Tammo - Putsjeman, wat op himsels, hat foar else oplossing wol in probleem.

Loes - A-sosiale, wat lompe frou.

De Kok - Rechercheur fan de plysje, dy't de tried wolris kwyt rekket.

Boonstra - Húsdokter.

Martha - Skjinmakster, stadich yn praat en dwaan en litten.

TOANIEL:

Efterwand, mei dêr yn de foardoar fan it tehûs, rjochts dêr njonken in rût.

Tusken doar en rût in âlderwetske steande klok.

Lofts tsjin de efterwand in muorke, mei dêryn de doar fan de lift en romte om fan it toaniel ôf te gean.

Rjochts in wand, mei in doar nei it kantoar en in doar nei de keuken.

Foar op it toaniel in sithoekje.

EARSTE BEDRIUW

Earste tafriël

(As it doek iepen giet, stiet Martha op it toaniel mei in mop. Se is dwaande om hiel sleauw de flier te poetsen. Fan út de lift wurdt der op de doar bûnze)

RIEKUS: Help, lit ús der út! Wy sitte fêst yn de lift!

MARTHA: Fêst yn de lift?

RIEKUS: Ja, hy bliuwt hingjen!

ALLE: En ik moat nei't húske.....Help ús!

MARTHA: Ik sil sa om help sjen. As ik klear bin mei de flier.

RIEKUS: Al wer nei't húske? Doe't wy niis in de lift staptten kaamst dêr krekt wei.

ALLE: Ja, dat wit ik. Mar ik ha in âldmannekwaal.

RIEKUS: Dat kinne der sa folle wêze, dat ried ik noait.

ALLE: Do witst dochs wol wat "it" âldmannekwaaltsje is?

RIEKUS: Lykdoarnen? Pûden ûnder de eagen? Krigest him net mear omheech?

ALLE: Nee, man. Ik ha in prostaatprobleem.

RIEKUS: Ik bin Roomsk, dat mei protestantske problemen kin ik dy net helpe.

ALLE: Man, prostaat..... Och, lit mar sitte. Is der al help ûnderweis?

MARTHA: Help? Oh ja. Noch efkes, ik bin hast op'e helte.

ALLE: Meist wol opsjitte, oars kinst sa de lift ek noch himmelje.

RIEKUS: En myn skuon. *(Putsjeman Tammo komt yn)*

TAMMO: Wat is hjir te rêdden?

MARTHA: Der sitte twa fêst yn de lift. Ik soe dy krekt helje, mar do bist der al.

TAMMO: Dat hast dan rap dien. *(Mei it ear tsjin de doar)* Bliuwt hy hingjen?

ALLE: Ja, man. Moast ús helpe. Want dy lift is grif in oanbieding, dy't se mei de bou fan it tehûs op'e kop tikke hawwe.

TAMMO: *(Prutst mei wat ark oan de doar)* Dizze lift is fan in hiel heechsteand merk.....

RIEKUS: Ja, wol trije ferdjippingen.

TAMMO: Dy't ik sels noch persoanlik ynstallearre ha. *(Bliuwt oan de doar prutsen)*

ALLE: Ah, dat sil it wêze. *(Dokter Boonstra komt op troch de foardoar)*

MARTHA: Dei, dokter . Ik soe jo krekt helje, mar de flier is noch net

hielendal skjin.

RIEKUS: Wy sitte swier yn de nederklits, Alle. Se hawwe dokter ek al komme litten.

DOKTER: Ik moast hjir dochts wêze foar in bewenner. Wat is it probleem?

MARTHA: De lift sit fêst mei twa bewenners der yn.

DOKTER: En wêr komt myn medyske kennis dan fan pas?

MARTHA: No, jo sjogge dochts wol wa't der mei dwaande is, om se der út te krijen? Dat hâldt fansels yn, dat it wol net neffens plan ferrinne sil.

TAMMO: No, no, jo hawwe myn kunde net botte heech, wol?

DOKTER: Betrouwen moat wol in basis foar wêze fansels.

TAMMO: No, sjoch dêr. *(Tammo docht de doar fan de lift iepen. Efter de doar stiet in bak fan sa'n fyftich sentimeter heech, sa dat it liket as soe de lift net fier genôch sakke wêze. Op de bak steane Alle en Riekus)*

TAMMO: De lift is net fier genôch sakke en dan wol de doar net iepen.

ALLE: Moast ris sjen, wat der wol iepen giet, as ik net rap genôch by it húske bin.

Marha: Nee, hjir net.... Ik bin hjir hast klear en oars kom ik net út mei myn tiid en dan reitsje ik hielendal oerémus. Kinne jo my net wat foarskriuwe om te kalmearjen, dokter?

DOKTER: Ik tink net, dat dat ferstannich is, Martha.

TAMMO: Hjir ûnder binne de toiletten efkes bûten gebrûk, dus jo sille nei boppe moatte, mar dat kin no efkes net mei de lift.

RIEKUS: Faaks is hjir ûnder wol in blompot. Mar dan moatte der gjin blommen yn stean, want dy oerlibje dat net.

ALLE: Dat falt wol in slach ta.

RIEKUS: Mei sa'n jittikpisser asto bist? *(Tammo en dokter helpe de beide mannen mei in soad knoffelderij út de lift, wêrnei Alle sa rap as hy kin om de lift hinne ôf)*

DOKTER: Ik rin wol efkes efter him oan. Ik moat dochts noch in bisite ôf lizze by âlde Miep. Dy wennet tsjintwurdich dochts ek boppe?

MARTHA: Sy en dizze beide mannen binne hir de iennichste bewenners oant no ta. Fierder stiet it hjir lokkich noch leech. Wat in wurk soe it oars wêze. *(Dokter om de lift hinne ôf)*

RIEKUS: Kin dy lift wol wer makke wurde?

TAMMO: Fansels. Foar immen lyk as my, mei al dy jierren fan technyske ûnderfining en al de jûnsopliedingen dy't ik dien ha, is dit hielendal gjin probleem. *(Hy springt yn de lift, docht de doar ticht en wy hearre in hurde stamp, dêr't Riekus fan skrikt. Dan noch in stamp, Tammo skoot de kiste fan siden en komt dan troch de*

liftdoar wer op)

RIEKUS: Man, wat lietst my skrikke, myn keunstgebit lei my der dwers fan yn de mûle. Wat hast der no krekt oan dien?

TAMMO: Hiel hurd stampet.

RIEKUS: Dêr soe ik no noait op komme. Mar goed, datst do sa technysk bist.

TAMMO: Ik ha dan ek jierren nei de universiteit gien.

RIEKUS: Oh ja, ju? Hokker stúdzjerjochting?

TAMMO: Né, as concierge. De professoren wienen tige wiis mei my. Benammen, doe't ik fuort gie, omdat ik dizze baan krije koe. Ien fan harren betanke my, omdat se troch myn wurk wol tsien jier earder in nije universiteit bouwe kinne.

ALLE: *(Komt yn)* Sa, dat jout romte.

TAMMO: Ast' wer nei't húske moatst, kinst gewoan mei de lift nei boppe. *(ôf)*

ALLE: Ik sil wol oppasse. Ik ha gjin betrouwen yn dy hampelman. Juster hat er op myn keamer in skilderij ophongen. Midden yn de nacht foel dat ding my op'e harsens.

RIEKUS: O deale, hy hat by my fan'e moarn myn Fryske sturtklok boppe it bêd op hongen. Dy sil ik dan sa efkes fan'e muorre helje.

ALLE: Of dyn bêd op'e oare kant sette.

RIEKUS: Né, dêr hat hy trije boekeplanken ophongen, mei myn 25-dielige encyclopedie, dy is noch swierder.

ALLE: Mar no wat oars. Hoe foldocht it iten dy hjir yn it tehûs? Wat se ús fan'e middei foarsetten hawwe, wie net te fretten. It wurdt heech tiid dat der in oare kok komt. Wa docht de sierderij hjir einliks?

RIEKUS: No.... Se ha my frege, om it te dwaan sa lang as der noch net in oare kok is.

MARTHA: Dy ek al? Se ha my ek frege. Mar om dat der ek noch by te dwaan, dat seach ik net sitten.

RIEKUS: Bist hjir hast klear?

MARTHA: It wie wol efkes fjouwer oeren der hurd tsjin oan, mar no is de flier ek wer skjin.

RIEKUS: Moai. Kinst dan de keuken ek noch efkes skjin meitsje? Ik bin wol frege foar it itensieden, mar net foar it himmeljen. En de hegedrukpanne is ûntploft. Hoe as wat wit ik net krekt, mar de smurje sit oan it plafond ta.

MARTHA: Hâld mar op..... Hie ik no dochs sels it itensieden mar dien. *(ôf)*

RIEKUS: Hienen wy no úthongere west. As se de iene dei begjint, meist bliid wêze ast' de oare dei wat op it board hast.

ALLE: Krekt as soesto it safolle better dwaan. Ja, nim my net nij, mar dy prakke fan juster ha'k ta it rût út soademitere. Faaks wie it te brûken west om in hûs mei te mitseljen. It foel op in hûn del en dy lei fuort foar mets. (*Dokter komt troch de lift*)

DOKTER: Wurket treflik hear, dy lift.

ALLE: Soenen jo ek wat oan de iterij hjir yn it tehûs dwaan kinne? Want sa't it no giet, leit de libbensferwachting hjir net sa heech.

DOKTER: Ik sil it meinimme, mar ik ha begrepen, dat de direksje drok dwaande is in nije kok oan te nimmen.

ALLE: Dat soe moai wêze, want de ferbliuwskosten binne hjir heech genôch. Dêr heart dan ek wol in streksum miel by.

DOKTER: Wurdt oan wurke. Mar no moat ik wer nei de folgjende pasjint. Einliks is it bûten myn profesje, want ik moat nei in hûn dy't hjir yn't gêrs bûten westen leit. (*ôf troch de foardoar*)

RIEKUS: Streksum miel? Dat wie dat fan my ommers ek.

ALLE: Wêr moast it foar troch gean?

RIEKUS: Stampot sûrkal neffens Memme' resept. Se hie al har resepten yn in skrift set en dat bewarre.

ALLE: Ien fan beiden: Se hie in min hânskrift of do hiest de lêsbriil net op.

RIEKUS: As it menear de Priuwker net foldocht dan giet menear mar nei it restaurant yn it doarp.

ALLE: Kom no, wat kostet dat wol net.

RIEKUS: Mei de ferkeap fan dyn pleats en it lân hast ommers jild by de bult.

ALLE: Eltse wike yn dit tehûs kostet my in kaptaal. Sa tar ik wol hiel hurd yn op myn sûr fertsjinne jild. Hoe hasto dat?

RIEKUS: Ik ha neat, dus wurdt foar my alles troch de steat betelle. Hahaha.....

ALLE: Wat sitst no stom te gnizen. Lit my ek ris laitsje.

RIEKUS: Ik betocht krekt, dat ik else moarn kreas holpen wurd mei it oanklaaien, mar datsto hjir útklaaid wurdst.

ALLE: Ja, laitsje do mar. Mar ik ha der al wat op fûn. Ik ha al myn jild yn de binnebûse, want op de bank sette is de wei ek net. Dan witte se krekt hoefolle ast' hast om dy ôf te pakken.

RIEKUS: Do kinst dochs net mei safolle jild yn de bûse om rinne?..... Mar op de keamer lizze litte kin fansels ek net. Dy Martha is mei it skjinmeitsjen krekt in akster. As dy it fynt, wit elsenien hjir ek gau hoefolle ast' hast.

ALLE: Stil, dêr komt immen oan. (*Suster Thea komt yn, mei in slofkjende Miep oan har earm*)

THEA: Sa, wer in lekker kûske dien, Miep?

MIEP: (*Mei krebintich lûd*) Ja hear suster. Mar ik ha it op bêd wol yn'e nekke krigen. Soenen jo myn nekke wo efkes massearje wolle?

THEA: Jawis wo. Wêr sit it krekt?

RIEKUS: (*Tsjin Alle*) Wat is dy Miep yn in moanne tiid hurd efterút gien, net? Earst noch sa'n feardich frommes en no hat se safolle soarch nedich.

ALLE: Ja, net te leauwen. Twa moanne lyn die se alles sels noch en no moat hast alles foar har dien wurde.

RIEKUS: Trije moanne lyn fytste se noch de Turfroute en dêrnei ek noch in slach troch de Deelen, omdat it har te betiid wie om nei hûs.

ALLE: Mar no freget se alle soarch fan de suster en wy sjitte der by yn. (*Miep jout oanwizings foar de massaazje, it begjint by de nekke, mar it einet by de skonken, Riekus sjocht it mei niget oan*)

RIEKUS: Ik begjin ek lêst fan myn nekke te krijen.

MIEP: Kin net heal sa slim wêze as by my. Mar Alle kin dy ek wol efkes yn de nekke knipe.

RIEKUS: Mei dy grutte plachskoffels fan him? Ik moat noch langer mei as hjoed en moarn. (*Dan komt mei in soad herje in auto oan en komt mei piipjende remmen ta stean*)

THEA: Oh, dêr komt de direkteur oan. (*Direktrise komt troch de foardoar yn*)

DIREKTRISE: Sorry, sorry, ik bin wat let mar ik koe myn auto wer ris net oan de praat krije. Ik krij skjin myn nocht fan dat âld barrel.

THEA: Wêrom komme jo dan net op de fyts. Jo wenje hjir fuort by.

DIREKTRISE: Nooh, soe ik my der ta ferleegje om te fytsen? Dat past net by myn funksje. Ik moat it der mar ris mei it bestjûr oer ha. By myn funksje heart op syn minst in direksjewein. Oh ja, Thea, der komt hjir sa in sollisitant nei de funksje fan kok. Soesto dy opfange wolle en dan dêr nei myn kantoar ta bringe? Dan gean ik al fêst dêr op him sitten te wachtsjen.

THEA: Ik moat Miep noch werom bring nei har keamer, de bêdden ferskjinje en boadskippen dwaan.

RIEKUS: En net te ferjitten myn nekke massearje.

THEA: Kinne jo sels net hjir yn de hal sitten gean om op him te wachtsjen?

DIREKTRISE: Famke, famke, ik bin hjir de direkteur. Soks past dochs net by my. Boppedat, ik ha it ek drok. Ik moat noch op syn minst tsien mailsjes iepenje. En dat is al mear as datsto oan putsjes opneamd hast. Dus wa hat it hjir oer drok? (*Ferdwynt yn it kantoar*)

THEA: Dat wurdt wer oerwurkje. En ik ha ek noch nachtsjinst. De oare susters, dy't oannommen wurde soenen binne al wer fuort

besunige. Kin ik hjir krekt like goed hielendal bliuwe. No ja, der is thús dochs nimmen dy't op my wachtet.

MIEP: Hast noch hieltyd gjin feint, Thea? Do wurdst der net jonge op.

RIEKUS: En ek net kreazer.

THEA: Wa soe no immen ha wolle, dy't da ûnsjoch is as ik.

RIEKUS: Krekt.

ALLE: No, sa mâl moatte wy net. En do moatst dysels net sa del helje Thea. Boppedat, it giet dochs om de binnekant.

RIEKUS: Do bist nedich oan in nije bril ta.

ALLE: Toe no Riekus, soks seist dochs net tsjin in dame, ek al is se sa ûnsjoch as de nacht.

RIEKUS: Ik hie eartiids in hûn mei fan dy grutte loddereagen en hingwangen en ûntsjep, jonge, wat seach dy der mâl út, dêr koest de lytse bern mei op bêd jije.

ALLE: Wêr slacht dat no wer op.

RIEKUS: No, gewoan, dat er sa ûsjoch wie as grutte flokken mar dat er net helje koe by har.

THEA: No, jimme wurde betanke. Mar ja, ik bin it wol wend. Fan lyts ôf oan al. As der in famyljefoto makke wurde, moast ik altyd efter ús heit stean en dy wie wol in kop greater as my.

RIEKUS: Oh ja, jimme heit, dy ha ik noch wol kind,

THEA: Hy libet noch altyd, hear.

RIEKUS: (*Tsjin Alle*) Dy man hie in pear flapearen jong, sa great, hy koe der de Tsjûkemar mei oer sile. Hy moast oerdwars troch de doar, oars paste it net.

MIEP: Slach Riekus mar gjin acht, hear. Mar se kinne der tsjintwurdich alles oan dwaan om dy op te kreazjen. Ik sjoch wol gauris op'e televysje nei dat "Total Make over" programma. Dêr meitsje se fan in suterige einepike in moaie swan. Dan wurde se mei seage en beitel omboud. En dêrnei mei in nytmasjine wer yn mekoar set. Mar dan witst net watst sjochst! Moai binne se dan!..... Moatst dokter Boonstra der mar ris nei freegje.

ALLE: Okkerdeis seach ik, dat se by immen dwaande wienen, om mei in soarte fan stofsûger it tefolle oan fet fuort te sûgjen. Hast in hiele amer fol. Wat soenen se dêr mei dwaan?

RIEKUS: No, sjoch, dat kin ik dy wol fertelle. Dy minsken binne net om'e nocht sa fet wurden. Dat komt omdat der hieltyd mear guod út de frituur iten wurdt, lykas patat, kroketten en frikandellen. En as soks dan op iten wurdt, giet der ek in lading friturfet mei nei binnen. En dat giet dêr (*wiist op syn liif*) ûnder it fel sitten. Dat is klearebare friturfet. En dat ferkeapje se dan wer oan snackbars en kafetaria's en sawathinne. Recycling, sil ik mar sizze.

ALLE: Soe't al juh?

RIEKUS: Fansels. Ek sikenhûzen wurde hieltyd kommersjeler en dit is in gouden hannel.

THEA: Jim sille my net yn sa'n programma op de televysje sjen. Ik soe my deaskamje.

ALLE: Dat is hielendal net nedich. Wêz gewoan dy sels.

RIEKUS: Dat docht se har hiele liben al en sjoch sels mar wat der fan terjochte kommen is.

MIEP: It is ek nearne foar nedich dy renofaasje programma's op de televysje sjen te litten.

THEA: Dat wit ik sa krekt noch net. Ast' it sels opbringe moatst, is it net te beteljen. Want ik wurkje hjir foar twa en ik wurd foar in healenien betelle.

MIEP: Faaks kin it ek noch oars. *(Tammo komt op troch de lift)*

THEA: Ik keapje else moanne in steatslot. Mar ik win nooit wat. As ik al dat jild opgarre hie, soe ik der hast in metamorfoase fan betelje kinne. Mar dan noch, wa seit my dat der dan wol in kreaze fint nei my om sjen soe, om in lokkige relaasje mei op te bouwen.

TAMMO: Lokkige relaasje? Besteane dy dan? By froulju dogge jo it ommers altyd ferkeard. Wol it froutsje in nije baaikamer? Oké, dan meitsje ik in nije baaikamer. En wat krij ik dan? Allinne mar kommintaar. Dat de baaikamer op it ferkearde plak boud is.

RIEKUS: Op it ferkearde plak? Hoe hast dat hân?

TAMMO: Ik hie earst in houten túnhûske efter op de tún boud. En dêr ha ik dus de nije baaikamer yn boud. Skeelde in soad wurk mei it ôfbrekken fan de âlde baaikamer.

RIEKUS: Ja, dat kin skoan. Ik hie eartiids it hûske ek efter op'e tún stean. Dêr liet ik de krante ek besoargje. Siet ik nooit sûnder papier. Ja, ien kear, mar dat wie op in snein.

ALLE: Do hellest der altyd fan dy healwize ferhalen by, Riekus.

TAMMO: En dan ek noch kleie, dat it dak lekt. Wat makket it no út, dat it dak lekt as jo dochs ûnder de brûs stean. Och, se hat altyd wol wat te eameljen. Froulju..... Praat my der net fan. *(ôf njonken de lift)*

MIEP: Ik ha nooit witten, dat Tammo in relaasje hat.

THEA: Né, dêr ha ik him ek noch nooit oer heard. Nuver, net?

RIEKUS: Sil dan ek wol net in langrinnende relaasje wêze.

ALLE: Wat witsto dêr fan. Of witsto faaks mear?

RIEKUS: Né, dat net. Mar as hy de putsjes kretlike bryk ôf makket as hjir, sil se meikoarten wol weireitsje oan in ûngelok. *(De foardoar giet iepen en Loes komt yn. Lomp yn hâlden en dwaan en súterich yn de klean)*

LOES: Wurdt hjir in kok socht?

MIEP: Asto foar dat baantsje komst, dan net.

THEA: Slach har mar gjin acht.

LOES: Wêrom sil ik my drok meitsje om sa'n âld fel? *(Miep sil oerein springe, mar betinkt har en grypt nei har nekke)*

THEA: De direktrise is dêr, op har kantoar. Jo meie wol tochrinne. *(Loes giet mei grutte stappen troch de doar. Komt dan troch de selde doar wer yn)*

RIEKUS: Dat giet rap.

LOES: Ik moat fan dat minske earst klopje. *(Docht dat)*

DIREKTRISE: *(Efter de doar)* Wa is dêr?

LOES: *(Tsjin de oaren op it toaniel)* Dat wit se dochs, dat ik it bin.

DIREKTRISE: Wa is dêr?

LOES: Ikke.

DIREKTRISE: Ikke hwa?

LOES: Loes, de sollisant.

DIREKTRISE: Ah, binne jo dat. Kom mar fierder. *(Loes ôf)*

ALLE: Wêr soenen se dy opskarrele hawwe?

RIEKUS: Ik ha heard, dat se yn Afrika in nij minsklik ras ûntdekt hawwe.

THEA: No Miep, wat seist, sille wy mar in rûntsje om?

MIEP: Net te fier, hear, dat hâld ik net fol.

THEA: Né, hear, dat ha ik ek net oan tiid, ik ha noch mear te dwaan. *(Beide troch de foardoar ôf)*

RIEKUS: Wat dat jild fan dy oanbelanget, Alle, ik wit wol in moai plakje om it wei te stopjen.

ALLE: No, fertel, wêr mei dat dan wol wêze?

RIEKUS: Dy âlde steande klok dêr. Dy hat dit tehûs hjir út it erfskip fan de âld baronesse. Gjin minsk, dy't yn dy âlde klok sjen sil.

ALLE: Riekus, jonge, dat is in treflik plan. Dêr sil gjinien wat sykje. Witst wat, ik stopje it der fuortdaliks yn. *(Rint nei de klok, hellet in steapel bankbiljetten út de binnebûse en stoppet dy boppe yn de klok)* Sa, as it dêr net feilich leit, dan wit ik it ek net mear. *(De direktrise komt mei Loes út it kantoar wei. Om harren in hâlding te jaan, dogge de beide mannen as soenen se de klok bewûnderje)*

DIREKTRISE: *(Tsjin Loes)* Ik sil jo de keuken efkes sjen litte.

LOES: Ik bin benijd nei dat hok.

DIREKTRISE: Is der wat mei de klok, hearen?


ALLE: No nee, wy bewûnderje him efkes. Hiel bysûnder, tige passend yn dit tehûs.

RIEKUS: Ja, in alderivichst moaie klok, no Alle.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto